Verslag van het vragenhalfuur voorafgaand aan de raadsvergadering van donderdag 13 juli 2017 in de raadzaal in het gemeentehuis van Buitenpost.

1. **FNP, hear S.D. van der Meer**

Underwerp: adfys kommisje beswierskriften oer de 4 elementen te Stroobos

Ofrûne wike is der in kritysk adfys jûn troch de kommisje beswierskriften fan de Gemeente Achtkarspelen oer de 4 elementen te Stroobos (4 stiks).
Der is al in hiele lange tiid ûndûdlikens oer it wol as net legaal operearjen fan ûnderdielen fan de 4 elementen te Stroobos.
Wy hawwe nei oanlieding fan it stik yn de LC fan 11 juli 2017 de folgjende fragen.

1. Is it kolleezje it mei ús iens dat der sa gau as mooglik is dúdlikens oer de fergunningen komme moat?

2. Is it kolleeezje ek fan plan it adfys (4 stiks) fan de kommisje oer te nimmen?

3. As it adfys oernaam wurd troch it kolleezje, wurd der dan ek hanthavene?

4. Is it kolleezje it mei ús iens dat wy dit yn de takomst foarkomme moatte, en earder yngripe moatte?

Wethâlder Antuma :

1. Fansels fine wy ek dat der sa gau mooglik dúdlikens komme moat, mar wy binne ôfhinklyk fan juridyske terminen dy't jilde foar de beswierenkommisje. Wy binne der mei dwaande.
2. It kolleezje is fan doel om nei alle gedachten de advizen oer te nimmen, mar is noch dwaande om yn kaart te bringen wat de gefolgen binne fan it eventuele ynlûken fan fergunnings.
3. Ja, fansels. Wy handhavenje yn oerienstimming mei ús belied.
4. It kolleezje is op foarhân net bekend mei wat boargers en bedriuwen dogge, mar as der oanlieding is dan wurdt der handhavene.

Hear S.D. van der Meer (FNP): hoe lang binne dy terminen? Wy sitte al hiel lang mei dizze problematyk.
Wethâlder Antuma: de advizen binne der, mar wy moatte noch in oantal dingen bestudearje. Dat sille wy yn koarten helder meitsje.

Hear R. van der Wal (CDA): binne de advizen iepenbier? Wy wolle de advizen graach ynsjen.
Wethâlder Antuma: de advizen wurde sa gau as mooglik bekend makke fia de beslutenlist fan it kolleezje.